

## Útnûging fan de Ynterfryske Rie foar it 21<sup>ste</sup> Friesen-droapen (Friesentreffen)

### Útnûging

Fan 20 oant en mei 22 maaie 2022 organisearje de trije Fryslannen wer it 'Friesentreffen' op HILGELÂN. De Ynterfryske Rie nûget, neffens tradysje, alle trije jierren de Friezen út de seksjes West-, East- en Noard-Fryslân út foar in mienskiplike moeting. De organisaasje is diz' kear yn hannen fan Seksje Noard. Wy hoopje dat safolle mooglik dielnimmers(sters) op freed oankomme en wer op snein nei hûs ta reizgje. De Fryske Rie, seksje Noard en East, en de gemeente Helgoland sjogge út nei jimme komst.



## Programma\*

### Freed 20 maaie

Westerlauwerske Friezen geane moarns betiid mei de bus – of eigen ferfier – fan Ljouwert nei Cuxhaven. Opstapplakken Ljouwert (lokaasje n.n.t.b.), Drachten (transferium Oost) en Grins (P en R Hoogkerk). NB In tal reizgers giet mei eigen ferfier nei Cuxhaven, boat 10.15 oere, katamaran 11.30 oere).

10.15 oere Mei fearboat fan Cuxhaven.

±13.00 Oankomst op Hilgelân (NB oerstappe op Börterboote wurdt, nei't wy heard hawwe, net mear dien).

Ynformaasjediske op de pier  
Elts siket syn/har oernachtingsakkommodaasje

- 14.00 Offisjele ôftraap fan it 21<sup>ste</sup> Friesen-droapen op de pier.  
Útjefte festivalbantsjes.  
Ynterfrysk Liet.  
Folge troch in speurtocht yn mingde teams.
- 18.00 Mienskiplik jûnsiten yn de Nordseehalle (wurdt oanbean).
- 19.00-20.45 Gesellich jûnsprogramma.
- 21.00 Noard-Fryske film 'Krug an der Wiedau' (mei Fryske ûndertiteling, 90 min.), yn de 'Kurmuchsel'.

### Sneon 21 maaie

- 10.00 oere Wittenskipstreffen, James Krüss Skoalle
- 11.15 Polityk Kafee
- Parallele sesjes/repetysjes:
- Muzyk Jam, yn it jeugdsintrum  
Mienskiplik dûnsjen klaaiïngegroepen, mei meiwurking fan de Fryske Dûnsers, yn de Nordseehalle
- 14.30 Ynterfryske muzyk, yn 'e "Kurmuchsel"
- 16.00 Bôrtebootwedstriid
- 19.00-20.45 Gesellich jûnsprogramma
- 21.00 Fryske film (titel n.n.t.b.) mei Dútske ûndertiteling, yn 'e "Kurmuchsel".

### Snein 22 maaie

- 10.00 oere Ynterfryske tsjerketsjinst
- Oanslutend Optocht fan de tsjerke nei it gemeentehûs oan de Lung Wai.  
Optreden folksdûnsgroepen  
Ynterfrysk Liet, ôfskied
- (13.00 Besletten gearkomste deistich bestjoer Ynterfryske Rie)
- Elts soarget foar it eigen middeisiten (is ynkl. foar dyjinge dy't yn 'e jeugdherberch sitte).


Dêrnei noch in lêste kuier oer it eilân, of noch efkes nei *Düne*, lêste ynkeapen dwaan en wer op 'e tiid by de boaten wêze.

Fearboaten retoer:

- 16.15 Cuxhaven

Tink derom: op de boat (iten/drinken) kin allinne mei ree jild betelle wurde (kontant/cash)!

### \*Wizigings foarbehâlden



Wurkgroep: Teun de Jong, Froukje de Jong-Krap, Lolke Folkertsma, Saapke Miedema  
www.fryskerie.frl [sekretariaatfryskerie@gmail.com](mailto:sekretariaatfryskerie@gmail.com), tel. 0616608348

Kosten p.p.

Mooglikheid a:

Ferbliuw yn de jeugdherberch € 80,-, dat is ynklusyf 2x oernachting, 2x moarnsbrochje, 1x middeismiel (21 maaie) en 2x jûnsmiel, bus en boat: totaal € 166,50.

Mooglikheid b:

Ferbliuw yn eigen boekte akkommodaasje, bus en boat: totaal € 86,50.

Mooglikheid c:

Ferbliuw yn eigen boekte akkommodaasje en mei eigen ferfier nei de boat: ynformearje nei de mooglikheden by de organisaasje.

Elk slút sels in reisfersekering ôf.

**By opjefte foar 14 maart 2022** is plak yn de jeugdherberch garandearre (mar fol is fol).

Opjaan

Fryske Rie, [sekretariaatfryskerie@gmail.com](mailto:sekretariaatfryskerie@gmail.com) ûnder fermelding fan

Foar- en efternamme

Bertedatum

E-mailadres